

Sjueryrapport Obe Postmapriis 2012

Literatuerleafhawwers,

It soe wêze kinne dat de Obe Postmapriis hjoed foar de lêste kear útrikt wurdt. Dat soe frekte spitich wêze, en ûnnoadich. De Provinsje wol him graach ynternasjonaler profilearje, neffens de Kultuernota, wêrom dan just de priis ôfskaffe dy't goede oersetters motivearret? Dat giet dwers tsjin de beliedstrie yn. De winst fan dy pear luzige sinten weaget noait op tsjin it ferlies fan de prestiizje fan it fertalen. De priis foar de bêste oersetter fan de ôfrûne trije jier moat bliuwe! Ik bin der wis fan dat wy as sjuery fan de Obe 2012 sjen litten ha wêrom.

Op de lêstlist foar de Obe Postmapriis foar 2012 stienen in lytse hûndert titels, ferdielt oer de sjenres proaza, dichtwurk en toaniel. Berneboeken, lietteksten en in pear stripboeken hearden dêr ek by.

De oersettingen binne fan boeken út folslein ferskillende talen, sjenres en tiden. De advyskommisje hat út dit bûnt ferskaat in seleksje makke. Dêr binne de folgjende kritearia by hantearre:

1. taalkwaliteit: makket de oersetter goed gebrûk fan de mooglikheden fan de doeltaal (meast it Frysk)? Dêrby tinkt de advyskommisje oan in selsbewuste, rike wurdskat; linich brûken fan 'taaleigen', styl'nivo's en taalfariëteiten. Hoe lêsbêr is de oersetting? Is de oersetting oer it generaal krekt (foarsafier't soks yn guon gefallen nei te gean is), of hat de oersetter just in treflike, frije oersetting makke?
2. fersoarging: is de oersetting ynhâldlik mei soarch útjûn, en goed redigearre? Kin de boekbesoarging besjen lije? Wurdt de lêzer adekwaat help bean, wêr nedich, troch ynliedings, neiwurd, noaten, nammeregister, ensafuorthinne?
3. publike útstrieling: binne it wurk of de auteur foar in ridlik breed publyk bekend en nijsgjirrich? Generearret in eventueel priiswinnen omtinken? Is it in wurk dat josels hawwe wolle of kado dwaan kinne? Foeget it wurk yn de praktyk wat ta oan it Frysk?
4. posysje fan de oersetter: leit it inisjatyf foar it boek by de oersetter of in oare ynstânsje? Is it bygelyks opdrachtwurk? Is der sprake fan hobbyisme of gruttere bedoelings?

Oan de hân fan dizze punten is de advyskommisje kommen ta in oardiel oer de kwaliteit fan de oersettingen.

Hoe komme je ta in kundich oardiel? Dat is foar elke sjuery in probleem. Op alle boeken is wat oan te merken. Bygelyks op de yntrinsike motiven, sa as de kwaliteit fan it Frysk, de kar foar guon wurden, sinnen en útdrukkingen op in bepaald plak; mar ek op in eksterne faktor as it belang foar it Frysk.

In pear opmerkings oer ús befiningen. In soad oersettingen, benammen fan klassikers, komme út de stâl fan útjouwerij Elikser yn Ljouwert. It is hiel moai dat 'printing on demand' soks mooglik makket. Dêr sitte lykwols twa kanten oan. Soms driget oerproduktiviteit by guon oersetters en ferskine der boeken dy't foar wol in

hiel lyts lêspublyk binne. Oan de oare kant misse reguliere útjouwers wolris in moaie oersetting.

De advyskommisje sinjlearret ek dat in nije streaming fan auteurs, benammen dichters, har eigen wurk oerset. Tsjêbbe Hettinga gie har foar. Dizze oersettingen liede ta nijsgjirrige útjeftes. Wy tinke oan *De geboorte van het zwarte paard / De berte fan it swarte hynder* fan Tsead Bruinja.

In bysûndere útjefte fûn de advyskommisje de oersetting fan *De Internationale* troch Trinus Riemersma.

En we wolle hjir graach it meast fersoarge boek neame, nammentlik *De Fryske Van Dale II*, fan de Friese Pers Boekerij mei oersettingen fan Mindert Wynstra.

Yn it liettekstsjenre wienen ferskillende oersettingsprojekten ynteressant. Bygelyks it Cohenprojekt en de oersettingen fan Piter Wilkens fan Cornelis Vreeswijk. De lietteksten op ien cd ferskilden lykwols te folle fan kwaliteit om ien fan de projekten mei te nimmen yn de einbeoardieling.

Lykas altyd is yn de perioade fan 2008 oant en mei 2010, dy't ûnder dizze priis falt, wer in soad toaniel oerset. Fan kluchten as *Skik ris wat op, ju* foar it Stuft oant *Down South* fan Tryater. Der sprong net in stik boppe-út. Wy fûnen de Fryske ferzjes te folle gebrûksoersettings, en literêr net genôch fan belang.

Op it lêst hiene we in top-5. Fan dy oersettingen moasten de leden fan de advyskommisje – André Looijenga, Marijke de Boer en iksels – ien kieze. En dat wie úteinlik net dreech. Ien oersetter foel de advyskommisje al gau op. De rinnende tekst fan de oersetting is yn begryplik Frysk. De wat 'dregere' wurden set er taktysk yn, net tefolle yn ien kear. En dizze oersetter ropt in nije wrâld op, dy't folslein rjocht docht oan it orizjineel, en soms sels mear as dat. De advyskommisje is fan betinken dat dat ien fan de wichtichste, sa net it wichtichste skaaimerke fan in oersetting wêze moat. Boppedat hat der in goeie tekstredaksje op west en is de oersetter jong. Dit boek fertsjinniget omtinken. Wy binne dan ek bliid dat der no al in nije útjefte is mei in prachtich nij omslach.

Foar ús alle trije foel de kar sûnder mis op de oersetting fan *De Hobbit* fan Tolkien troch Anne Tjerk Popkema. Fan dizze oersetter kin wy noch in soad ferwachtsje. Sa is er bygelyks dwaande mei de mearkes fan Grimm.

As sjuery wolle wy Anne Tjerk Popkema tige lokwinskje mei de Obe Postmapriis 2012.

Amsterdam, 28 maaie 2012

André Looijenga
Marijke de Boer
Hein Jaap Hilarides